

Kritelûd



20 jannewaris 2024 15:30

Eeuwe de Vries

oer de "Hel fan 1963"

*dêrnei jiergearkomste en breamiel
yn de Fermanje*



1919 SJOUKE KOOPMANS MODE MEPPEL 2019

LEXIS notarissen 

Meppel

Brouwersstraat 8

0522 25 28 50

www.lexisnotarissen.nl

notariaat / estate planning / echtscheiding

FRYSK SELSKIP "WALING DYKSTRA" MEPPEL E.O.

OPRJOCHTE 24 FEBREWARIIS 1924

Foars.: Ludzer v.d. Schors Pongh.: Edzer Kooistra
Veendijk 37 Logten 13

7971 RP HAVELTE

8431 KR EASTERWALD



Waling Dykstra
gipsgravure fan
Pier Pander

Lid fan it Frysk Boun om Utens

Fan'e foarsitter

“Unwennich is - tink ik – krekt it wurd sa't ik my no fiel. Hoe is it mei ús Krite? Sûnder Piet. Hoe sit it mei ús “iepenings-skets” foar't wy it Frysk Folksliet ynsette en Piet oeral en nearne is”? Sa begûn ik it novimber-nûmer. Sa sieten we mekoar oan te sjen. De muzyk sette yn en wy songen ús Frysk Folksliet. Wat ûnwennich, mar it slagge. It iis wie tin, mar brutsen.

Ek dit kamen we te boppe. Donkey Tandem soarge foar fernuvering. Net it applaus mar de djippe stiltme yn 'e seal sette de toan by it gefoel dat se útstruiden mei in palet fan ûnderwerpen. Djip ferbûn mei it sân fan'e Wâlden. Foar my wie it thús kommen. It programma hie in breed spektrum. Graach wiis ik jimme werom nei it Kritelûd fan novimber. Wy ha doe neat te folle sein. Ik seach ek wer “Jan de Roos”, in performer pur sang. Syn jas swier fan it blik fan'e ‘medalljes’. Syn stôk driigjend yn'e loft.

Efkes letter kaam der in for-shadowing. It earste nummer nei de pauze rôle weagend de seal yn. Dizze kear kaam de ‘leaflike simmermoarn’ noch tichterby as oars. Der lei wer in bân tusken de simmermoarn en Waling Dijkstra en ús Krite. Nei 100 jier soe der wer in Waling yn'e seal sitte.

Dat bringt my by ús jubileum. Op 25 febrewaris besteane wy 100 jier en yn gearwurking my it Keninklik Frysk Bûn om Utens is der op 16 maart in prachtige dei organisearre. Nei de Algemeine Jiergearkomst is der in ‘Moetings en Ynspiraasjemiddei’. Trije ‘minsken fan namme’ sille har ljocht skine litte oer ús Waling Dykstra. Yn it foarste plak Waling Dijkstra sels. Op it twadde plak skriuwer en dichter Abe de Vries dy’t ynkoarten hopet te promofearjen op “Waling Dijkstra”. Op it lêste mar net minste plak emeritus professor Goffe Jensma.

Ear’t it safier is, komme wy earst by mekoar op sneon 20 jannewaris yn de Fermanje foar in ferslach oer de “Hel fan 1963” troch reedrider Eeuwe de Vries. Mear dêroer stiet fierderop mear yn it kritelûd. Dernei is de jiergearkomst en it breamiel.

De jannewarisgearkomst begjint om healwei fjouweren (15:30) !!!!!

Ut namme fan it bestjoer winskje ik jimme alfêst foar 2024: “Folle Lok, Sûnens, Seine en Frede”.

Ludzer van der Schors,
foarsitter

Kritejûn 20 jannewaris 2023

yn de Fermanje oan de Vledderstraat 20 yn Meppel (mei lift).

15:30 Sprekker Eeuwe de Vries oer de “Hel fan 1963”, de alvestêdetocht, dy’t hy as jongste dielnimmer útried.

17:00 Jiergearkomste

17:30 Breamiel

19:00 Sluten

Kostebydragen

Sprekker € 7,50 (net-leden)

Breamiel € 12,50

Ferfier

As der minsken binne dy't it ferfier wat nuodlik fine, dan graach by it bestjoer melde. Lyksa wurde minsken socht dy't helpe wolle by it ferfieren fan leden.

Breamiel – opjefte by it bestjoer

De ideale gelegenheid om ris noflik by te praten en nije minsken kinne te learen. Fansels ha wy ek Fryske sûkerbôle!

Jimme kinne jim noch oant **15 jannewaris** ta opjaan by de bestjoersleden. Dat kin fia de tillefoan, oer de post (in simpel briefke is al goed) of per mail.

Jiergearkomste – wurklist

1. Iepenjen en wolkom om 17:00
2. Oantekens jiergearkomste 21-1-2023
3. Ynkommen en útgien stikken
4. Jierferslach (sjoch dit Kritelûd)
5. Jierrekken 2023 (wurdt op de gearkomste omparte)
Ferslach fan de kaskommisje. Beneamen nije rekkenopnimmers.
6. Begrutting 2024 (wurdt op de gearkomste omparte)
7. **Jubileum 100 jier** op 16-3-2024 fiere
Utstel foar yntree en tydlik lidmaatskip.
Sjoch hjirûnder by "Fan'e bestjoerstafel".
8. Wat fierder op it aljemint komt / Omfreegjen
9. Sluten om likernôch 17:15

Oantekens gearkomste 21-1-2023

Ferslach fan de Algemiene Ledegearkomste op 21e fan foarmoanne 2023 yn de Schalle. De gearkomste wie gau beslikke: wy waarden it yn in fearnsoere iens oer de folgjende punten:

1. Iepenjen om 17:14, in bytsje letter
2. Oantekens 2022: de jierkomste wie foarrich jier rûzich.
3. Ynkommen en útgien: Piet Koopmans ûntskuldiget him dat er net sa'n soad minsken opsocht hat, no't er net mear autoride kin. Mar hy ûnthjit betterskip, no't er meikoarten mei de

scootmobyl op'en paad kin. De gearkomste is fan betinken dat er yn de lêste 50 jier mear as trochsnee aktyf west hat, dan mei der wolris in besite útfalle.

Opmerking 20-1-2024: yntusken is Piet ferstoarn, dit wie syn lêste aksje as bestjoerslid.

4. Jierferslach 2022: oannommen. Yn totaal wiene der yn novimber 2022 23 oanwêzigen: leden, muzyk, gasten.
5. Jierrekken 2022: Kasko Piet Meijer en Reinie Mennens ha supermodern de stikken per mail krigen. Alles wie perfekt ynoarder. Mei applaus décharge.
6. Begrutting 2023: Edzer wiist der op dat wy stadichoan efterút buorkje. Wy krije hieltyd minder kontribúsje en de ynhierde selskippen wurde hieltyd djurder. Oer in jier as 3 - 4 sitte wy op nul. Mei noch mar 15 oanwêzigen lykas hjoed by Hobma is in jûn amper mear te beteljen. De algemiene stimming op de gearkomste is: wy gean sa lang troch as dat it kin, mar yndie stadichoan op de ein ta. Yn alle gefallen moat it 100-jierrich bestean helle wurde en dan moat der net op it jild sjoen wurde.
7. Aljemint: jubileum. Der wurdt breinstoarme oer wat wy dwaan kinne. Edzer wol wolris nei de skiednis sjen. Leny hat fan Baukje foto's krigen, Aldert Huisman sil yn it archyf fan Oud Meppel sjen. Hy sil ek noch yn it archyf fan de Meppeler Courant dûke. Der moat grif oer de oprjochting fan de Krite skreaun wêze. Piet Koopmans neamt MC-fotograaf Russchen. Wy sille wat faker sokke breinstoarmen hâlde.
8. Sluten om 17:38.

Jierferslach 2023

Bestjoersgearstalling en karkommisje

It bestjoer bestie ek yn 2023 út: Ludzer van der Schors (foarsitter), Romke E. Egbers (skriuwer / redaksje), Edzer Kooistra (1e ponghâlder), Menno Fleischer (2e ponghâlder), Piet Koopmans (ledeskontakt) en Leny Altena (karkommisje)..

Kritejûnen

Aldergeloks wie corona foarby en koene wy op 21 jannewaris wer ús nijjiersmiddei hâlde. As sprekker hiene wy Johannes Hobma

oer de legindaryske ielaak fan Heech nei Londen. Dêrnei hiene wy de jiergearkomste en it breamiel. Der wiene 14 dielnimmers. “Klein maar fijn”, lykas de Hollanners sizze.

Op **25 maart** sieten wy yn de Schalle. Mei in soad humor spile toanielferiening “It Heideblomke” suver harsels yn de komeedzje-me-in-trien “Amateurs”: toanielploech It Heideblomke hat in nije regisseur, dy’t it spul fan de amateurs op ynternasjonaal nivo bringe sil. Der wiene 34 oanwêzigen, dy’t allegearre geniete hawwe.

Ta beslút wie op **4 novimber** ús hjerstjûn. It duo Donkey Tandem hat ús in noflike jûn besoarge mei Fryske lietsjes en ferhalen. Der wiene 24 bywêzigen.

Kritelûd en oare publisiteit

Wy ha noch altyd 4 advertearders.

Frysk Boun om Uten

De krite is oansluten by it Frysk Boun om Uten. De femylje Van der Schors hat ús ek hjir fertsjintwurdige.

25-03-2023 Jiergearkomste en Moetings- en ynspiraasjedei yn Lelystêd.

16-09-2023 Swol, fiering fan 100 jier FBoU

Diel Noard, it jierliks oerlis fan de krite út Assen, Roan, Meppel, Emmen en Swol hat net plakfûn. De foarsitters fan Swol en Assen hiene de kritejûnen fan WD mist op de hiemside fan it boun en besletten dat der yn Roan en Meppel neat bard wie en in bryfke rûnstjoerd dat de gearkomst net troch gie. Aldergelokst hiene wy dochs minder lêst fan Korona hawn.

Us foarsitter hat fierder yn 2023 yntinsyf mei it bûnsbestjoer yn oerlis west foar ús 100-jierrich jubileum, dat kombinearre wurde sil mei de Jiergearkomste en Moetings- en ynspiraasjedei fan it FBoU.

Ledeferrin

Wy moasten ta ús fertriet twa leden oan de dea ferlieze:

Sjouke Siebren Wagter Hengelo, 12-2-1935 - Meppel, 11-06- 2023
--

Pieter Gerrit Sjouke Koopmans
Meppel, 21-2-1942 — Meppel, 01-09-
2023

It jier begûn mei 47 leden per 1-1-2023. Der wiene gjin nije leden en gjin opsizzings. No steane der dus, per 1-1-2024, 45 minsken op de list as aktyf lid.

Alvestêdetocht: de hel fan 1963

*20 jannewaris yn de Fermanje
mei libbene leginde Eeuwe de Vries*

Wy ha wy Eeuwe de Vries út Aldtsjerk festlein. Hy wie de jongste toerrider út 'e hel fan 1963, de Alvestêdetocht op 18 jannewaris fan dat jier. De Vries is in smoute ferteller en beantwurdet ek graach alle fragen. Fersit dizze kâns net om in libbene leginde te moetsjen.

De minimum âldens foar dielname wie 18, dus mei 21-3-1945 as bertedatum mocht er eins net meidwaan. Mar mei in "leugentje om bestwil" is it dochs slagge. Dat wie it begjin fan in aventoer, dêr't no, sawat eksakt 61 jier letter, noch oer praat wurdt en dêr't de smoute ferteller noch alles fan wit.

De Vries wie syn libben lang mûnder. Noch altyd is er dat yn opdracht fan it Wetterskip. Yn 2019 krige er in lintsje fan de kening foar syn krewaerjen foar it behâld fan de Aldtsjerkster mûne en party oare reewilligersaktiviteiten. En yn septimber wied er 60 jier troud.

De Vries fertelt (im gearfetting fan) syn ferhaal ek op www.schaatshistorie.nl/elfstedentocht/1963-enquetes/vriesdee.



Koart foar de kop

Fan lyts-ôf oan hie alles wat mei technyk te meitsjen hie him yn'e besnijing. Foar de grap sei er letter wolris "ik ha seker in hekel hân oan rinnen, want ik woe leafst ride, farre of fleane". Foar in lytse beuker op it fryske plattelân wie de ambachtsskoalle dan it bêste plak.

Mar doe't hy nei dy skoalle mocht, wie ek krekt de oerstap van maaie nei augustus. Der wie wat te min plak en foar de ambachtsskoalle moast men doe tolve jier en acht moannen âld wêze. Hy wie dat op 10 dagen nei.

Sa bedarre hy op de ULO. Dat hinderde neat want lykas syn Mem sei, men giet nei skoalle om foarút te kommen. Dat koene je oeral. By him op it doarp wie de ULO de heechste trep. Wa't wat mear woe, moast in oere mei de bus nei Ljouwert as Grins. Op de ULO wiene it eins allinne de talen der't hy wat foar dwaan moast. By de 'saakfakken' koe hy it sliepend ôf en dreamde fan de ferhalen dy't hy op syn legere skoalle meikrigen hie. It haad fan de ULO wie fan it âlde stimpel en fûn de nije foarm fan fjouwer jier mar neat. Nei in test fan in beropskarburo kaam hy fan klas ien yn klas trije. Hy soe by it heechste segmint út de test fan Binet Simon heare. It sei him net safolle Mar ek dêr hie hy noch

alle dagen profyt fan it ûnderwiis fan syn âlde haadmaster. Hy hie it dochs skoan nei't sin.

Dy winter kaam der in omslach. Net allinne feroare it waar, mar ek makke de argeleazens plak foar in lineaal dy't oeral by del kaam. Net alle minsken wiene mear te betrouwen, mar wat bleau wie: "Wier is wier en neat oars". Op in wintermoarn kaam ek de omslach mei it "Gesach". It wie noch mar amper ljocht of hy moast der ôf. "We moatte snieskeppe oars kin de molke net nei de dyk". Hja wennen sa'n 700 meter fan'e hurde dyk. Fierderop stiene noch twa spultsjes en oan it paad nei foaren ek noch ien. It hie sniejage en gâns waaid. De sniedunen wiene in goed meter heech. Mei man en macht waard der in paad skept en de molke koe nei de dyk.

Foar him wie it "No gau nei skoalle". As redder fan'e ekonomy glysterde hy nei de ULO. It gebou lei moai midden yn it doarp mei skjin skode en fage strjitten. By de doar stie de direkteur. It wie yn it kofjeskoft. "Hoe kom jij zo laat?", rôp er. Syn gloarje as redder wie fuort. "Ik moast earst snie skeppe", sei hy mei de noas yn'e wyn. Wat tocht dy man wol. "Je liegt" hearde hy. En noch ris. Wat der fierder sein waard hie hy gjin earen mear nei. Hy stie op slot. Hy koe gjin kant út. Yn de doar nei bûten stie de de direkteur. It wie klear. Dizze skoalle hie ôfdien. Hy hie fyftich minuten tiid om te tinken. Net opfalle, jas fan'e kapstôk, tas ûnder de jas, nei it fytshok en fuort.

Underweis nei hûs kantele de gûne. Der wie ek noch in oare kant. Hy koe sa net nei hûs. Se hiene noch in hûs yn it doarp. Der wenne syn suster. Dêr moast hy earst mar hinne. Sa kaam it ferhaal yn'e tjemse.

"Doarst it Mem wol te fertellen?", frege se. Och, dat kin moarn ek noch wol, sei er. De oare moarns fytste hy wer nei it doarp. Sûnder wat te sizzen dronken se kofje.

Doe't de skoaltiid foarby wie fytste hy nei hûs. It sil sa tsjin fjouweren west ha doe ried der in grutte frânske fyts mei in meager mantsje oer de reed foar de keamersglêzen lâns. Mem helle him by de doar wei. "Menear ek in kopke tee?", frege Mem.

“Hie menear boadskip?”, hearde hy. “Menear tinkt dat ik liig en ik ha neat op my minsken dy my net fertrouwe!”, sei hy. Mei gans lûd rôp de direkteur: “Ga jij der eens uit!” “Ik tocht dat ik hjir wenne”, brocht hy yn.

“Sa kin it wol. Gau der út”, hearde hy syn Mem sizzen. Hy gie. Mem wie de baas. Nei in heal oere rôp syn Mem him. “Do giest moarn gewoan wer nei skoalle ta”, sei se. “Ik zie je morgen op de gewone tijd weer op school“, klonk it.

Dit flikst my net wer en do gedraachst dy moarn, sei se, doe't menear fuort wie.

Jûns fiede hy in earm om syn skouder. “Koartkop”, hearde hy. It wetter stie yn syn eagen.

De oare moarns siet net allinne syn gesicht yn'e ploai, mar ek dat fan'e direkteur.

Lyts Pykje

Krite Waling Dykstra 100 jier

24 febrewaris 2014

Dizze tekst hiene wy yn it jubileumboekje fan it Frysk Boun om Utens by gelegenheid fan syn 100-jierrich bestean yn 2023.

De Krite is oprjochte op 24 febrewaris 1924. It doel wie, lykas fan alle Fryske kriter, Friezen yn Meppel en omkriten in moetingssplak te bieden. Hja kinne dan yn'e eigen taal de eigen kultuer belibje. Yn it ferline hie de Krite ek noch in eigen toanielselskip, mar dat is earne yn de 70er of 80er jierren deablet.

Wy hâlde yn jannewaris in breamiel, dat oars de lêste jierren nei de middei ferskood is, sadat elts noch op'e tiid nei hûs ta kin. It is ja winter. Mar foardat men ôfsette kin, is in bekinde Fries te gast, dy't wat fertelle kin oer it Fryslân fan hjoed en/of juster. Natoer, skiednis, literatoer, altyd wer wat nijsgjirrichs. En ek al ha wy sels net mear in toanielploech, yn de foarjiersmoanne komt der altyd wol wat bysûnders op de "bühne".

It leafste mei wat koartswyl, mar út en troch is it téma tige ernstich en stimt ta neitinken.

Yn novimber is it faak Fryske muzyk, wat wy oanbiede. En dan mei it bêst wol wat moderners wêze. Mar de meisjongers út it lieteboek meie fansels net ûntbrekke.

En sa komme wy troch it jier. Oh, fansels ek mei de wetlik ferplichte jiergearkomste. Mar de leden ha sa'n grut betrouwen yn it bestjoer dat it faak yn in kertier beslikke is. Sûnder raffeljen.

Yn 2010, doe't it hjoeddeiske bestjoer syn wurk begûn, hiene wy likernôch 100 leden, dat is no, mear as 10 jier letter, redusearre ta goed 50 leden. Men wurdt der net jonger op, net wier?

Yn 2024, in jier nei it Boun, fiere wy ús 100-jierrich bestean. It sil in beskieden evenemint wurde, mar wy hoopje mei de help fan byg. it Boun der dochs in jier mei wat ekstra's fan meitsje te kinnen.

Fan de bestjoerstafel

Utstellen jiergearkomste

Understeande ústellen moatte noch yn de jiergearkomste besprutsen wurde.

Leden en aspirant-leden

De jiergearkomste en it jubileum binnen útsoarte bedoeld foar de leden. Dat soe problemen jaan kinne foar minsken dy't noch gjin lid binne of dy't opsein hawwe. Freonen dy't mei oanskikke wolle oan it sineeske miel kinne dat troch harren op te jaan as lid. Hja ha dan alle rjochten foar it jier 2024. Soene der guon lju wêze dy't allinne meiwolte nei Piter Wilkens: dy skriuwe harren yn foar 25-02-2024 yn as aspirant lid en betelje ek de € 10.

Sjoen de gearwurking mei it Boun is it útstel dat foar dizze dei ús leden ek betelje foar it programma fan Pieter Wilkens (€ 10,=). Krekt as alle dielnimmers. Wy slagge foar dat ús leden foar neat in bon krije foar it "sineesk buffet". Oare dielnimmers betelje € 19,50. Mocht ien net mei-ite dan kriget dyselde fergees een kaartje foar Pieter Wilkens as se/er lid is.

Ald-leden oanskriuwe

Op'e kritejûn fan novimber 2023 kaam it útstel:

Noegje alle âld-leden út om foar 2024 wer lid te wurden foar ien jier. Dan ha se wer deselde rjochten as de leden. Dat kostet dan € 25=.

Ofsjoen fan it iten kostet in jier lid wêzen dan € 5,50. Dat selde soe ek jilde moatte foar in stikmannich jonge minsken dy't mei Mem of Beppe meikomme as sjauffeur.

Der moat foar 25 febrewaris 2024 betelle wêze!

Lunsj nei de Bouns-gearkomste

Hoewol't de jiergearkomst fan it Keninklik Frysk Boun om Utens foar alle leden tagonklik is nimme we oan dat de measte fan ús leden net meidogge oan de lunsj. Dat kin wol mar is foar eigen rekken.

2024: Jubileumjier – help frege

!!!!!! It docht ús deugd dat de earste foto's en stikjes binnen komme, mar it boekje is noch lang net fol. !!!!!

Wy binne net mear manmachtich. Dat betsjut dat it wurk op in pear skouders del komt. Wy ha al in kearmannich besocht nije minsken foar it bestjoer te finen. Dat brekt meastentiids ôf op it ferplichtsjende karakter. Lju wolle har net fêstlizze foar langere tiid.

Mar diskear leit dat wat oars. Maart 2024 is te oersjen en it wurkfjild is beheind. It giet om útstellen foar in jubileum-programma en foar in ekstra edysje fan it Kritelûd – in Jubileum-boekje.

Fierders sykje wy minsken:

- dy't in stikje skriuwe kinne
- dy't âld leden kinne dy't wat fertelle kinne
- dy't âlde útjeftes fan it Kritelûd (te lien) hawwe
- dy't witte fan âlde foto's fan'e Krite en it Kritoaniel

Reaksjes nei de leden fan it bestjoer (sjoch efterside fan it Kritelûd).

Aginda 2024

Mear ynformaasje by it bestjoer en op ús webstek

- 20 – 01 – 2024 Nijjiersjûn: sprekker Eeuwe de Vries oer “De Hel fan 1963”, jiergearkomste, breamiel
- 24 – 02 – 2024 De krite Waling Dykstra bestiet 100 jier!
- 16 – 03 – 2024 Feest: 100-jierrich bestean fan de Krite Jiergearkomste Frysk Boun om Utens.
Gasten u.o. Goffe Jensma, Abe de Vries en Piter Wilkens.



Meppel
Heerenveen
Sneek
Drachten
Emmen
Zwolle

En 24 uur per dag
Pasveeronline.nl

Herman Jubbega



Blankenstein 520 MEPPTEL
0522 - 24 25 25
www.hermanjubbega.nl

SELSKIP “WALING DYKSTRA” MEPPEL E.O.

KONTAKTADRES:

Woldstraat 33, 7941 LE Meppel
walingdykstra@kpnmail.nl
www.walingdykstra.frl

BESTJOER:

Ludzer van der Schors,
foarsitter
Veendijk 37
7971 RP HAVELTE
till. 0522 – 49 23 63
e-mail:
l.vander.schors@hetnet.nl

Edzer Kooistra, 1e
ponghâlder
De Logten 13
8431 KR Easterwâld
till. 06 – 44 86 07 35

Leny Altena, karkommisje
Bezettingslaan 78
7943 CN MEPPEL
till. 06 – 52 69 73 40

Kritelûd
Kopij nei:
walingdykstra@kpnmail.nl
of per post:
Veendijk 37, 7971 RP
Havelte

Romke E. Egbers, skriuwer
post: sjoch it kontaktadres
till. 00 - 49 - 4839 - 953 952 1
e-mail:
walingdykstra@kpnmail.nl

Menno Fleischer, 2e
ponghâlder
Grote Oever 156
7941 BJ Meppel
till. 0522 - 859233

Aldert Huisman, lustrumboek
(gjin bestjoerslid)
Prins Hendrikkade 197
7941 MD Meppel

BANK fan de Krite
IBAN: NL35 RABO 0341 8122
93
BIC: RABONL2U
op namme fan “Waling Dykstra”

Keamer fan Keaphannel: 04061102

IS JO BUORMAN AL KRITELID?